

Gearkomste fan it Genealogysk Wurkferbân 25 oktober 2025

Meidielings:

- Der is berjocht fan behindering fan Jeroen Hofstra en Sibbele de Jong.
- De ôfrûne tiid binne der 2 leden ferstoarn: Dirk Zeilmaker út Harns, dy't in fêste besiker fan de gearkomsten wie en J.F Tichelaar út Makkum. We betinke harren mei in minút stilte.
- It jierboek is net klear foar de gearkomste ein novimber en wurdt no presintearre yn de gearkomste fan april 2026.
- 29 novimber de datum dat it jierboek pland wie, wurdt no in gearkomste mei Rob Dix oer Middeleeuws Vlechtwerk. Hoe te sykjen nei gegevens út 'e midsiuwen.
- Per 1 novimber is Theo Delfstra nij bestjoerslid fan it wurkferbân.
- De foarsitter docht ferslach fan de gearkomste fan de Fryske Akademy mei de wurkferbannen oer de plannen om de wurkferbannen in nije ympuls te jaan. Under lieding fan Janitine van der West wurdt der neitocht om de funksje fan de boargerrittenskip (Citizen Science) fan de wurkferbannen te fersterkjen. Fraach is hoe't troch gearwurking troch en in mear tematyske opset yn gearwurking mei oare wurkferbannen, wittenskippers en eksterne partijen belutsen wurde kinne by it wurk fan de ferskillende wurkferbannen. Sjoch foar mear ynformaasje de Nijsbrief fan de FA fan juny/july 2025 <https://fryske-akademy.email-provider.eu/web/du5m7kvgrd/0gg2tkwbls> en de nije *Fryslân*.

De ferslaggen fan 5 april en fan it reiske nei it skipfeartmuseum yn Snits wurde, mei tank oan de skriuwers fêststeld.

Klaas Abma sil hjoed sprekke oer syn boek *De voorlanden*

Klaas Abma is jierrenlang lânjitter west en is no nei syn pensjoen noch meiwurker oan de VU yn Amsterdam.

Nei it ferstjerren fan syn mem krige hy in pak papier oer de foarâlden, skreaun troch Wâtte Abma.

Tidens it ûndersyk kaam de sprekker der achter dat de oantekens net altyd stroke mei de wierheid.

By it skriuwen fan ik boek gong it him der om: wer wennen de foarâlden Abma en hoe siet it mei harren besit.

De stamreeks fan de sprekker giet werom oant Murck Annes, berne yn Jutryp en dêr stoam yn 1695. Murck wie boer yn 'e Hommerts op 'e grins mei Jutryp.

Murck Annes wie om 1683 hinne troud mei Maicke Freerks (Jutryp 1686-1715).

Harren soan Freerk Murcks (Hommerts 1686-1724) troude yn 1711 mei Rinske Ruyrds Buma (Hommerts 1694-1758).

Murk Freerks (1713-1779), de soan van Freerk en Rintske is trije kear troud west en hie 18 bern. Hy wie boer yn Toppenhuzen, de Hommerts en Wikel. Op 'e kadastrale kaarten hat de sprekker yntekene wer't de besittingen fan Murck Freerks leine. Ut de lizzing is op te meitsjen wer't de pleats fan Murck Freerks stien hat.

De soan Freerk Murks wennet op in pleats op 'e Kliuw ûnder Hidaard. Der is ek harren soan Ruurd Freerks berne.

Yn 1801 trout Ruurd Freerks Abma de soan van Freerk Murks en Gerritje Roelofs mei Hiltje Klazes Wiersma. Hiltje bringt ek aardich wat besit oan lân en in pleats yn. Hy hat aardich wat besit yn 'e omkriten fan Folsgeare en keapet der ek noch lân en in pleats by. It besit fan Hiltje wurdt altyd apart neamd as har besit.

Yn 1816 keapet er Strûpenkeal en yn 1827 Carpe Diem.

Seis jier nei it ferstjerren fan Ruurd Freerks wurdt de boel beskreaun. It is oant yn detail beskreaun. Der is in foardielijk saldo fan 36.000 gûne.

Hiltje Klazes Wiersma bliuwt op 'e pleats Folsgearsterleane 2, soan Feerk Ruuds Abma krijt Strûpenkeal en Klaas Ruurds Abma Carpe Diem.



Freerk Rurds Abma trout mei Tjitske Johans Clossen en wurdt boer op Strûpenkeal. Beide wurde hja net âld. Ruurd Freerks is noch mar 19 jier âld as syn heit yn 1859 komt te ferstjerren en 23 as syn mem stjeret. Ruurd Freerks Abma heart by de heechstoansleine boeren fan Folsgeare. Yn 1850 is syn widdo de heechstoansleine fan Folsgeare en ek de oare boerefamyljeleden hearre by de heechstoansleinen. De pleats Strûpenkeal giet yn 1864 nei de dochter Gerritje, trout mei Ulbe van Wieren. Nei har ferstjerren yn 1888 wurdt de pleats yn 1889 ferkocht oan notaris Peereboom. Yn 1973 barnt de pleats ôf. Folsgearsterleane 2 giet yn 1864 nei de âldste soan Klaas. Yn 1871 wurdt de pleats ferkocht oan Pieter Wâttes van



der Velde fan Easthim. En yn 1990 baarnt ek dizze pleats ôf.

Ruurd, de âldste soan fan Freerk Rurds Abma en Tjitske Johans Clossen trout yn 1865 mei Fokeltje Wâttes van der Velde. Hja wenje yn Folsgeare 1865-1868; Speers 1868-1883; nei 1883 yn Goaiingea.

Speers lei yn Raarderhim tusken Dearsom en Raard. De pleats yn Goaiingea leit tusken Goaiingea en Skearnegoutum. Hja komme te wenjen op pleats De Hoek yn Easthim.

Ruurd en Folkeltje krije 13 bern, 5 fan de 13 stjerre jong. Oer it algemien hiene de Abma's grutte húshâldingen.

Wâtte Rurds Abma, it fjirde bern fan Ruurd en Folkeltje trout 1898 mei Klaaske Miedema út Fyns ûnder Jorwerd. Hja krije bern en Klaaske stjeret as hja 30 jier âld is yn 1904.

Wâtte trout yn 1906 yn Wymbitseradiel mei Wytske Visser út Abbegea.

Hja krije noch 3 bern, der't 2 fan jong ferstjerre. Wâtte en Wytske bliuwe oant 1921 op pleats De Hoek. Nei 1921 buorket de âldste soan Ruurd Abma mei syn frou Antsje Feenstra op dizze

pleats. Ek Wâtte heart by de heechstoansleinen fan Easthim.

Yn 1916 keapet Wâtte Abma de pleats Pikesyl ûnder Easthim. Yn 1926 wurdt Wâtte fergaderboer..

Yn 1924 trout Klaas de jongste soan fan Wâtte mei Beitske Attema út de Gastmar. En hja komme op 'e pleats oan de Himdyk. Klaas wie tige sekuer en hâlde alles by oant yn de lytste details. Elk skroefke en elke spiker waard notearre.

Yn 1955 trout Anne, in soan fan Klaas en Beitske, mei Martzen Terpstra fan Ferwâlde en hja komme op de Pikesyl te wenjen.

As Klaas yn 1972 ferstjerret giet de pleats nei de âldste soan Wâtte. As Wâtte yn 1976 it buorkjen op jaan moat komt syn broer Ruurd op 'e pleats.

Ruurd bliuwt hobbyboer en moat neat ha fan nijmoadrigheden. Alles bliuwt sa't er it fan syn heit leard en oerkrigen hie.

Wer't de lannen leine en de pleatsen stiene is yn it boek fan de sprekker keurich op de kaartsjes yntekene.

Omfreegjen

As der dan ek neat mear foar it omfreegjen is, wurde noch de kommende gearkomsten op 8 novimber fan de NGV en 29 novimber fan it Wurkferbân neamd en slút de foarsitter de gearkomste.

Ferslach: Rinse Spits